

It Lân fan
Dream en
Winsken

De
talkeze
toverachtige
TAKSUSSEN

De
skombûzjende
SJIPPEBÛLE-
SEE

It hearslike
HERTEWÄLD

It
wonderlik
WASKPLAK

De
supersinnige
SINNEHEUVEL

De
wyldwieljende
WETTERFAL

De
skitterjende
SULVERSEEËN

De
TOER
fan
TREURICH
en
TRYST

NERGENS



Sjoch!

**Fan achteren soest sûnder mis
sizze dat dit in *hynder* is**



Mar fan foaren sjochst ... in ~~hoaren~~

hoarn



'NO EN?'

Marc-Uwe Kling · Astrid Henn


De **NEE** hoaven



Oerset troch Martsje de Jong

Bornmeer





Yn it skaad fan in hearlik rûkende reuzeroas
wennet yn it Hertewâld de famylje ~~Ienhoas~~

Dêr yn it lân fan dream en winsken
binne de blommen noch grutter as minsken

De stiennen binne fan plús en rôzich ~~rea~~
se ite dêr koekjes yn pleats fan brea *read*

En sûnt in besite fan de feeëkeningin
binne de wolken makke fan sûkerspin

Alles is dêr mega, de sinne skynt alle dagen
der binne gjin soargen, der is ek gjin ~~jagen~~

jager

Ienhoarn

**Op in dei sprong dêr út in aai in ienhoarn, KRAK!
Grapke, net út in aai! It wie gjin slak.**

**Ik bedoel: gjin hin
Och, och, is my dat in ûnsin!**

**Sa'n bist hyt net fan aaihoarn, sels net yn in gedicht
In aai as hoarn - dat is ommers gjin gesicht!**



**Nee, ik wit fansels likegoed as alle oaren
in ienhoarn wurdt berne mei de hoarn nei foaren**

**Memmen fine dat in feest, al docht it wol sear.
Sa'n skerpe ienhoarnhoarn ... ik sis earst mar net mear.**

**No ja, de lytse ienhoarn wie in wûnder om te sjen,
elkenien fûn him de aldermoaiste fan alle ienhoarnbern.**

**Syn moanjes wiene in kleurepracht,
syn wite fel as fluwiel sa sacht.**

**Syn kop, syn sturt, syn hoefkes, syn hoarn ...
te snoeperich, te poeperich foar wurden gewoan.**





Dochs fielde er him net thús, dêr op dat sûkerswiete stee
Dus sei er meastal neat, en as er al wat sei, dan sei er:

‘NEEE.’



In poerbêst wurd, fûn er sels.
It iennichste belangrike wurd.

'NEE'

sei er tsjin waskjen,



'NEE'

tsjin iten,



'NEE'

tsjin skoalle,



'NEE'

tsjin sport.



Op elke fraach wie syn antwurd 'Nee!' en de ein fan it liet
wie dat er net langer IEN- mar NEEhoarn hiet.

Op in magyske moarn waard it syn mem te bûnt.
'Us bern seit altyd nee, dat is dochs net ~~sûnt~~'

sûn

Har man miende: 'as wy noch lilaleaver foar him binne,
soe er fêst like gigagelokkich as wy wêze kinne!'

'Wolst oars nei de toverachtige taksussen,' betocht heit ynienen,
'om mei-inoar fan de swiete geloksklaver te ~~slienen~~'

slienen

Ek al fûn er dat plan stikem wol okee,
de lytse ienhoarn klaude him achter it ear en sei:

